

Bylage A. Titellist en beskriuwing Fryske gedichten yn it *Friesch Volksblad*, 1876-1882

1876

1-16 (15 oktober) **Groustermerke**

An. [C. Wielsma]

In toast, útsprutsen by de priisútdieling fan ‘Frisia’ te Grou. Net ûnderskreaun mar fan Kees Wielsma. Foarm: 16 strofen fan 6 rigels, rymskema ABCBDD mei inkeld froulik rym op BB. Tema: Grouster folkslibben. Ferteller: sprekker op in feestjûn. Dekor: Grou, silerij, tebek sjen op de Grouster merke.

1-17 (22 oktober) **It Forfearjen. Sankje foar in boer** An. [WD]

Kleisang, ornearre foar in boer om te sjongen, oer de pronkskens fan de froulju dy’t mar altyd ‘ferfearje’ wolle (nije klean keapje). Net ûnderskreaun. Foarm: 7 strofen fan 4 rigels, rymskema ABCB, alles manlik rym. Tema: Minsken moatte suniger op har guod wêze, oars komme se licht oan de earmesteat. Mar dat dogge se net, dat de wrâld is bedoarn. Ferteller: kleiende boer. Dekor: it eigen hûsgesin.

1-18 (29 oktober) **In ny liet**

An.

Op ’e wize fan: ‘Kijk maar schuin in mijn bloementuin’. Spotfers op in ‘kristliketaris’ te Warkum. Foarm: 3 kûpletten mei refrein. Rymskema: ABCBDEFE. Tema: Deftige kristenen (yn dit gefal in gemeentesiktaris) hoege dêrom noch net kristlik te libjen en soene berou toane moatte. Ferteller: in anonime opmerker. Dekor: it mienskipslibben (yn Warkum).

1-20 (12 novimber) **Hjersthimmeljen**

An. [WD]

Man hat wakker lêst fan it wiif dat oan it hjersthimmeljen is. Humor. Net ûnderskreaun, mooglik fan WD. Foarm: 4 strofen fan 4 rigels, rymskema ABCB. Tema: deistich wurk. Ferteller: kleiende man. Dekor: eigen hûs.

1-22 (26 novimber) **3 Nye Skriffforklearring**

An. [WD]

Ierdappelhanneler Jan leveret te lytse ierdappels en antwurdet ‘fine Tet’ dat dat der wol op troch kin as er yn it hjerneimels beoardiele wurde sil, dan hooplik ek mei in lytse mijte. Humor. Foarm: 5 strofen fan 4 rigels, rymskema ABCB. Tema: minsken lizze bibelske fynplakken út sa’t it har útkomt. Ferteller: Jan en fine Tet. Dekor: twapetear.

1-25 (17 desimber) **3 Wol biret**

An.

Petearke tusken folksk slûchsliimme keapman en kwasterich heartsje dy’t inoar op ’e dyk moetje. Wurdt yn Tresoar-katalogus oan WD taskreaun, mar der stiet boppe: Ynstjûrd. Humor. Foarm: 4 strofen fan 4 rigels, rymskema AABB. Tema: je kinne saken ferskillend berekkenje. Fertelleren: keapman en kwasterich heartsje. Dekor: bûten, lâns de wei.

Minsjuchtswea

Johannes [Baarda]

Monolooch fan man dy’t him ôffreget wat leafde is. It jout neat as fertriet en dochs bliwt it oantinken swiet. Referearet oan de aria ‘Voi, che sapete’ út *Le Nozze di Figaro* fan Mozart. Foarm: 5 strofen fan 8 rigels, rymskema ABCBDEFE. Tema: de leafde. Ferteller: man dy’t leave hat. Dekor: monolooch yn gedachten, gjin dekor.

Ridder Toggenborch [oers. Schiller]

Ageël [Age L. Oppedijk]

Oersetting fan it gedicht ‘Ritter Toggenburg’ (1797) fan Schiller. Ballade oer de net te ferfoljen leafde fan de ridder, dy’t weromkaam fan in krústocht en murk dat syn leave yn it kleaster gien wie. Lyryk. Foarm: 10 strofen fan 8 rigels, rymskema ABABCD. Tema: de leafde. Ferteller: man dy’t leavet. Dekor: Hillige lân, Switserske bergen. Oersetter is de houthanneler Age Lykeles Oppedijk (1845-1912; 66 jier) fan ’e Gordyk (berne Wâldsein). Hie 1873 ek in houthannel yn Wâldsein, dy’t er oerdocht oan syn broer Sipke; harren heit Lykele Piers Oppedijk wie seilmakker en lid fan Provinsjale Steaten foar Snits. In part fan dy syn Fryske bibleteek is fia Age Oppedijk bedarre by de Fryske Akademy (en yn 2018 troch freonlike skinking by my). Age Oppedijk wie befreone mei Cornelis Wielsma.

Mimerjen fen in Welsripster

An.

Yn Wjelsryp is de dûmny fan Oenen oannaam, mar dy wol no alwer werom. Spotfers op de dûmny. Foarm: 1 strofe, 6 rigels, rymskema ABBACC. Tema: jildslijens fan dûmnys. Ferteller: in Wjelsrypster. Dekor: Wjelsryp.

1-27 (31 desimber) 3 **Dat is brîk**

An. [WD]

Ek opnommen yn *Neiswyljen* (1887). Liet op ‘Wize: ’t Pennelikkerslied, of: Infaldich en natûrlik wei.’ Ferliket de oplichterij fan in Ljouwerter joadske keapman op ’e merk mei dy fan djoere kristlike sielegenêzers (dûmnys) en guon dokters. Foarm: 9 strofen fan 8 rigels, rymskema ABABCDCCD, alles manlik rym. Tema: krityk op koalnegoasje en kwaksalverij (en djoere dûmnys). Ferteller: immen fan it plattelân dy’t yn ’e stêd wie. Dekor: Waachplein yn Ljouwert.

1877

1-28 (1 jannewaris) 5 **Kristelike Ijeafde**

J. to S. [Jouwert Jouwertsma]

Ek opnommen yn *De Byekeoer* 1883. In fromme smid, dy’t diaken is, freget fierstente folle oan in earme dy’t neat hat. Foarm: 11 strofen fan 4 rigels, rymskema ABCB, alles manlik rym. Tema: frommen moatte neisteleafde yn ’e praktyk bringe. Ferteller: immen dy’t by de smid op besite wie. Dekor: smidderij.

1-31 (28 jannewaris) 3 **Ut mîn bernejierren**

J.T.S. [Jouwertsma?]

In goede ried is it om altyd goed op te passen. Pas op! Foarm: 5 strofen fan 4 rigels, rymskema ABCB, alles manlik rym. Ferteller: ien dy’t oan de ried fan syn heit tinkt. Dekor: by ús thús.

1-34 (18 febrewaris) 2 **In ny liet foar de ledén, frûnen en**

An. [Jouwertsma?]

beginstigers fen de Krist. Geref. Sangskoalle te S.

Spotfers op rjuchtsinnigen dy’t har better fiele mar it net binne as in oar en dêrom in eigen sangskoalle ha moasten. Humor. Foarm: 10 strofen fan 6 rigels, rymskema AABAAB, alles manlik rym. Ferteller: ien dy’t neifertelt wat ‘men’ allegear seit. Dekor: mienskipslibben op in doarp [Skearnegoutum?]

1-36 (4 maart) 2 **Alder en bern**

Auke [Jouwert Jouwertsma]

Alden moatte yn sizzen en dwaan it goede foarbyld jaan oan har bern as it giet om tsjerkegean en net flokke. Foarm: twadielich fers, 7 en 5 strofen fan 4 rigels, rymskema ABCB, alles manlik rym. Tema: opfieding. Ferteller: yn it earste fers anonime ferteller, yn it twadde in ‘ik’. Dekor: by hûs, yn in doarp.

In gekke Kening [Oers.]

An. [Jouwert Jouwertsma?]

Frij nei ’t Flaemsk fen de Sisters Loveling (‘Blijken van zinneloosheid’). It folk is net fan doel om foar de kening te fjuchtsjen; dy wurdت yn ’t gekkehûs set. Foarm: 13 strofen fan 4 rigels, rymskema ABAB, ôfwikseljend manlik en froulik rym. Tema: demokrasy. Ferteller: anonime ferteller. Dekor: lanlike polityk. It fers fan (Rosalie) Loveling is in pleit foar pasifisme en tsjinstwegerjen (Virginie Loveling en Rosalie Loveling, *Gedichten* (J.B. Wolters, Groningen 1870; 2^e pr. 1877).

1-40 (1 april) 2 **Treasten of Pleagjen?**

An. [Jouwert Jouwertsma]

Oer de libbensein fan in baas kûper, dy’t yn in tige fromme hoeke wennet en him net troch dûmny belêze litte wol op syn stjerbêd. Foarm: 30 strofen fan 4 rigels, rymskema ABCB. Tema: it net-leauwen yn it kristlike rêdingsdogma. Ferteller: alwittende ferteller, dy’t oan ’e ein in ‘ik’ wurdت.

1-42 (15 april) 2 **Skoalle-forsjongerij**

Dixi

Oer de skoalle-foarsjongerij. Foarm: kranteside fol strofen fan 4 rigels, rymskema ABAB. Tema: de misstân fan skoallefoarsjongerij, iepen foar nepotisme. Ferteller: in riedslid dat yn de kommisje siet (mar men tinkt: in ûnderwizer). Dekor: in eksamenlokaal. ‘Dixi’ letter te B., Frjentsjer, en te Ljouwert, NL.-talich.

1-44 (29 april) 2 **Mimery**

Auke [Jouwert Jouwertsma]

It leauwe yn ivige ferdommenis kin net it goede wêze. Foarm: 8 strofen fan 6 rigels, rymskema AABCCB, froulik rym op de BB. Tema: it leauwe. Ferteller: in tsjerkegonger. Dekor: ûnbepaald.

1-46 (13 maaie) 3 **In âld feint**

An. [WD]

Kin de rjochte mar net fine, oan elk mankearret wol wat, en bliuwt allinnich oer. Foarm: 5 strofen fan 8 rigels, rymskema ABABCDCC. Tema: leafde, partnerkar. Ferteller: in âld feint dy’t weromsjocht op syn libben. Dekor: mienskipslibben.

Underskied

An.

It iene jonge stel trout en begjint, it oare falt ien by wei en it is lijnen. Foarm: 5 strofen fan 7 rigels, 1 fan 4, rymskema ABABCCC, lêste strofe ABAB. Tema: lok en lijnen lizze ticht byinoar, stean dêr by stil. Ferteller: anonym ferteller mei in boadskip. Dekor: doarp.

1-47 (20 maaie) 3 By 't Priis-oerlangjen, op in Keatsparty An. [WD]

Priisútrikker skildert in byld fan de keatspartij en it keatsen. Foarm: 16 strofen fan 4 rigels, rymskema ABAB. Tema: keatsen. Ferteller: dyjing dy't de prizen útrikt. Dekor: op seal.

Frjûnskip

An. [WD]

Man lit nachts syn freon bûten stean om't dy freget oft er 'hjir wol bliuwe' mei. Humor. Foarm: ûnregelmjittich: 3 strofen (1 fan 6, 2 fan 4 rigels), rymskema ABBACC, DEDE, FFFF. Tema: (gjin) freonskip. Fertelleren: Jan en Liuwe. Dekor: hûs.

1-48 (27 maaie) 3 In bysûnder Pear An. [WD]

Om de houliksfrede te bewarjen, moat men hearrend dôf en sjende blyn wêze kinne. Humor. Foarm: 5 strofen fan 4 rigels, rymskema ABAB. Tema: houlik, leafde. Ferteller: ferteller dy't it pearke kend hat. Dekor: ûnbepaald.

1-51 (17 juny) 3 Oan de Friezen Gerben K. Koopmans

Oprop om frije Friezen te bliuwen en de taal yn eare te hâlden. Foarm: 8 strofen fan 6 rigels, rymskema AABBCC. Tema: eigenheid bewarje. Ferteller: in moanner. Dekor: ûnbepaald.

4 Klaes en Jan [oers. Claudius] An. [WD]

Bern kin goed leare en slacht acht as heit bidt, mar knypt de oaren stikem. Dat wordt letter in goede dûmny. Spotfers, oersetting fan Matthias Claudius. Foarm: twaspraak, 11 rigels Klaes, 1 rigel (antwurd) Jan. Rymskema AABB ensafh. Tema: krityk op dûmnys. Ferteller: Klaes en Jan. Dekor: ûnbepaald.

2-56 (22 july) 3-4 De Leeuwarder Kermis An.

Dialooch tusken buorman en buorfrou oer de Ljouwerter merke, yn it Ljouwerter. Redaksje kin 'de oorsprong niet opgeven': 'Een vriend schreef het op zoaals hij het in 't geheugen had bewaard'. Foarm: gjin strofen, rymskema AABB ensafh. Tema: folkslibben. Ferteller: buorman en buorfrou. Dekor: thús, merke.

2-59 (12 augustus) 4 Oan de Eastimmers An. [WD]

Spotfers op de ôfskiedenen fan Easthim dy't 6000 gûne traktemint foar in dûmny hawwe. Foarm: 4 strofen fan 4 rigels, rymskema ABAB. Tema: sosjaal ûnrjocht wordt ek bedreaun troch kristenen. Ferteller: anonime kommentator. Dekor: ûnbepaald.

2-60 (19 augustus) 2 Sleepjaponnen An. [WD]

Spotfers op de 'Frânske' pronksuchtmoade fan lange slepen aan frouljusjurken. Foarm: 7 strofen, ûnregelmjittich fan lingte, rymskema AABB ensafh., alle strofen einigje mei 'slepen'. Tema: tsjin de útlânske pronksucht. Ferteller: kommentator. Dekor: maatskippij.

2-65 (23 september) 2 By 't Priis-oerlangjen nei de Hirddravery An. [WD]**to Holwerd; op 'e 15 Septimber 1877**

Mei ferwizing nei de oarloch tusken Ruslân en Turkije. Foarm: 20 strofen fan 4 rigels, rymskema ABAB. Tema: better opbouwe as ferniele. Ferteller: priisútrikker. Dekor: ûnbepaald.

2-67 (7 oktober) 3 Mimerye fen in Skernegoutemur An. [Jouwert Jouwertsma]

Spotfers oer it dûmnysykjen fan de Skearnegoutumers. Foarm: 9 strofen fan 6 rigels, rymskema AABCCB. Tema: hege trakteminten foar rjuchtsinnige dûmnys. Ferteller: in Skearnegoutumer. Dekor: Skearnegoutum.

2-79 (30 desimber) 3 Feestlietsje op de forjierdei fen 't glês-însmiten to Driesum An. [H.G. van der Veen?]

Spotfers. Oarspr. titel: 'Fette goes is goede kost'. Wize: 'Een muisje speelde dicht bij poes'. Ferwiist nei it ynsmiten fan de glêzen, ûnder mear by baron Van Sytzama te Driezum. Foarm: 5 strofen fan 4 rigels, rymskema ABAB, alles manlik rym. Tema: machtsmisbrûk fan rike hearen. Ferteller: oankleier. Dekor: Driezum.

2-86 (17 febrewaris) 2 **De Hospes út it Dierelân** An. [WD]

Fabel oer in hospes (aap) yn dierelân, dy't it goed hat om't er bearen hearen neamt. Mar dan komt er in nije groep bearen en giet er deroan. Foarm: 15 strofen fan 4 rigels, rymskema ABAB. Tema: dy't foarút wol, moat in oar nei de bek prate. Ferteller: anonime ferteller. Dekor: ûnbepaald.

2-92 (31 maart) 2 **Wier dat net earlik?** An.

Teltsje oer Klaas, sa'n earlik man. Mar hy krijt in baantsje troch in kroade en kin it net oan. Undertekene: Grou. Foarm: 7 strofen fan 4 rigels, rymskema ABCB. Tema: nepotisme. Ferteller: alw. ferteller. Dekor: ûnbepaald.

2-95 (21 april) 2 **Oer 't pleitsjen (Ut Easterein)** An.

Oer in skeel yn Easterein, dêr't pleiters by brûkt wurde. Foarm: 6 strofen fan 4 rigels, rymskema ABCB. Tema: yn in tizeboel moat mei help fan abbekaten it rjochte ein fûn wurde. Ferteller: anonime ferteller. Dekor: ûnbepaald.

3 **In Erfskip** An.

Oer de dranksucht fan Hear Earremsterk fan Slingerstien. Foarm: 4 strofen fan 4 rigels, rymskema AABB. Tema: drankmisbrûk. Ferteller: anonime ferteller. Dekor: ûnbepaald.

2-96 (28 april) 2 **Sa binne der** U....T.

Fertelt fan it gedoch om in nij riedslid te krijen. De âlde foldie net mear, mar de nije noch minder. Foarm: ien strofe, ûnregelmjittich fan lingte, rymskema ABBACC. Tema: gemeentepolityk: dy't it riedslidmaatskip sjocht as earebaantsje, hat dêr neat te sykjen. Ferteller: waarnimmer. Dekor: ûnbepaald.

2-99 (19 maaie) 1-2 **It Jeuzeljen fen in Arbeider oer** WD
Skoalleplicht en yette mear

Opnaam yn *Losse stikken ïn rîm en onrîm* (1878). Datearre 1875. De arbeider jeuzelet oer skoalleplicht, tsjinstplicht, lege fertsjinsten en kin der net komme as syn bern net wurkje. Dochs mar hoopje op it goede en wiere en op foarútgong. Foarm: 39 strofen fan 8 rigels, rymskema ABABCD. Tema: skoalleplicht. Ferteller: in arbeider. Dekor: ûnbepaald.

2-101 (2 juny) 3 **In lokkich Houlik** An. [WD]

Opnaam yn *Neiswyljen* (1887). In ideaal houlik hat men inkeld as ien fan de twa al hiel gau stjert. Humor. Foarm: 5 strofen fan 6 rigels, rymskema AABCCB. Tema: leafde, houlik. Ferteller: anonym ferteller. Dekor: houikslibben.

2-102 (9 juny) 2-3 **Oan de Bazen fen 't Frîsk Folksblêd** Boer Pibe [J. Sytema]

Foarm: 29 strofen fan ûngelikense lingte, rymskema ABCBDFE. Tema: de misstannen yn de maatskippij. Ferteller: opmerker. Dekor: doarpslibben, gemeentepolityk.

2-104 (23 juny) 3 **Oan 't Recitearselskip yn in Frysk Doarp,** Y.
dêr't se de frysce tael weare woene

Reaksje op in berjocht yn it FV 16 juny 1878. Protestfers tsjin – de titel seit it al. Foarm: 5 strofen fan 6 rigels, rymskema ABBACC. Tema: hâld it Frysk yn eare. Ferteller: in lêzer. Dekor: ûnbepaald.

3-113 (25 augustus) 2 **Minskewille is ûngelyk** V.D.S. [Vd Steegh]

Twapetear tusken Klaes, sljucht op jild, en Pier, sljucht op wiif en bern. Foarm: 27 strofen fan 14 rigels, rymskema ABABCDCDEFEGG. Tema: lit elk libje sa't er wol. Ferteller: Klaes en Pier. Dekor: ûnbepaald.

3-114 (1 september) 4 **Jan Fryfensin** T.W.S. [T.W. Sytstra]

Oer it alkoholisme fan Jan Fryfensin en de protesten fan syn wifke. Debút fan Tabo Sytstra? Foarm: 8 strofen fan 6 rigels, rymskema ABABCC. Tema: alkoholisme. Ferteller: anonime ferteller. Dekor: ûnbepaald.

3-117 (22 september) 2-3 **'t Ienfâldichste is wier** [Oers.] An. [WD]

Opnaam yn *Ut en thús* (1880). 'Hiel frije' neifolging fan Hermann Marggraaff. Petrus by de himelpoarte stoert de iene nei de oare werom, want allegear hingje se ien of oar leauwe oan en droegen se by oan partijstriid. Krekt nei berou meie se deryn. Foarm: 26 strofen fan 8 rigels, rymskema ABABCD. Tema: kreauderij oer leauwe is dom. Ferteller: anonime ferteller. Dekor: himelpoarte.

- 3-120 (13 oktober) 3 **Ho nou to Rie?** An. [J. Sytema]
 Kleidicht fan in ‘trijentachtiger’ dy’t net mear bedeeld wurdt om syn mûlripens. Ut: Fryslâns Efterhoeke. Foarm: 6 strofen fan 4 rigels, rymskema ABAB. Tema: machtsmisbrûk troch earmfâden. Ferteller: in ik, de misdeelde. Dekor: ûnbepaald.
- 3-127 (1 desimber) 2 **Eat oer it ynkoarten fen ús doarps-merken** An.
 Protestfers tsjin it ynkoartsjen fan de merke mei in dei. Foarm: 26 strofen fan 4 rigels, rymskema ABCB. Tema: merke moat bliuwe. Ferteller: in ik dy’t tsjin is. Dekor: doarp.
- 3-128 (8 desimber) 2 **Stânfriezen yn 1555** G.P. te D. [Geren Postma]
 Lofliet op Gemme fan Burmanje, de Fries dy’t net foar Filips II knibbelje woe. Foarm: 10 strofen fan 4 rigels, rymskema ABAB. Tema: frije Friezen. Ferteller: in ‘ik’ dy’t him besjongt. Dekor: ûnbepaald.
- 3-129 (15 desimber) 3 **Mimeringe fen Sijke Skroar, wylst hja**
by Gjaltboer sit to naeijen Auke [Jouwertsma]
 Faam Sijke tinkt nei oer it trouwen en mei wa’t dat dan kinne soe. Foarm: 20 strofen fan 4 rigels, rymskema ABAB. Tema: leafde, trouwen, vrou bepaalt it sels. Ferteller: in ik, Sijke. Dekor: by Gjaltboer thús.
- 1879**
- 3-132 (5 jannewaris) 2 **It wixeljen fen ’t jier** S. [O. Stellingwerf]
 Elkenien hat wat te kleien oer it âlde jier. Foarm: 11 strofen fan 4 rigels, rymskema ABAB. Tema: net tsiere, mar inoar helpe en drage. Ferteller: anonym ferteller. Dekor: ûnbepaald.
- 3-134 (19 jannewaris) 2 **Lytse Pier. In Wintereltsje** T. Velstra
 Krysttiid 1878, stiet derûnder. Lytse Pier riidt op iis dêr’t er net ride mei, riidt in wek yn en fersûpt. Foarm: 32 strofen fan 4 en 8 rigels, rymskema ABAB, alles manlik rym. Tema: bern moatte nei de âlden harkje. Ferteller: anonime ferteller. Dekor: doarpslibben.
- 3-138 (16 febrewaris) 2 **Riders** Fratello [Velstra?]
 Friezen binne bazen op ’e iisbaan en bazen yn it libben, lit ús kampe om de palme fan deugd en seedlikheid. Foarm: ien strofe, rymskema ABCB. Tema: wy Friezen. Ferteller: anonime ferteller. Dekor: ûnbepaald.
- 3-145 (13 april) 1 **Peaske** [Oers. Groth] WD
 Oersetting fan in gedicht fan Klaus Groth. Foarm: 5 strofen fan 8 rigels, rymskema ABABCD. Tema: opstean, opnij beginne. Ferteller: anonime ferteller. Dekor: ûnbepaald.
- 3-146 (20 april) 2 **Yn Skimerjoun** [Oers.] G.
 Mem is lokkich mei har twa berntsjes, mar der falt ien by wei. Foarm: 7 strofen fan 4 rigels, rymskema ABCB. Tema: libben en dea. Ferteller: anonime ferteller. Dekor: thús.
- 3-148 (4 maaie) 2 **Sangkje** S. [Stellingw.?]
 Wize: ‘Een muisje speelde dicht bij poes’. Kike frijt mei Pyt, tsjin de winsk fan har âlden yn; Pyt ferlit har. Foarm: 3 strofen fan 4 rigels, rymskema ABCB. Tema: leafde, frijen. Dekor: ûnbepaald.
- 3-149 (11 maaie) 2 **[Net titiele gedichtje; oer ds. Datema]** S. [K. Sijsma?]
 Oer ds. Datema fan Ie. Spotfers. Foarm: 3 strofen fan 4 rigels, rymskema ABCB. Tema: fine dûmnys. Ferteller: anonime ferteller. Dekor: ûnbepaald.
- 3-150 (18 maaie) 2 **Maitiidssuchte** K.S., Eastrum [K. Sijsma]
 Lyrysk oer de natuer, tsjin twongen houliken. Foarm: 8 strofen fan 5 rigels, rymskema ABCCB. Tema: leafde, houlik. Ferteller: anonime ferteller. Dekor: maitiid, bûten. Dichter is Klaas Daniels Sijsma (1841, Eastrum – 1917, Wetsens, 76 jier), tr. 1867 mei Baukje Booyenga (1843-1925) fan Mitselwier. Broer is Keimpe Daniels Sijsma (1856, Eastrum-1929, Leien), ûnderwizer te Sint Anne. Tr. 1891 mei Gelske de Groot, menniste fan Amelân. Hearde ta de Vrijz. Dem. Wie yn Leien riedslid 1901-1929. Yn 1843 is der in P. Sytsema predikant te Eastrum, yn 1876 in Martinus Swijghuisen Reigersberg (1814), dêrnei J. de Jong.
- Sjoch ek: <https://www.oudleiden.nl/sijsma-k>
- 3-156 (29 juny) 2 **De Ljuenzer Tsjerke sprekt** N.X.

Tsjerke kleit dat se him net ûnderhâlde en earne oars samar in nijenien bouwe, as koe it jild net op. Foarm: 13 strofen fan 4 rigels. Tema: jild foar tsjerkebou kin better útjûn wurde. Ferteller: in ik, de tsjerke. Dekor: ûnbepaald.

3-157 (6 july)1-2	Oan de Sprekker fen 'e Feestrede	A.J. Smeding
	Feest-dronk	T. Velstra
	Joast Halbertsma	WD
	Oan it Grouster Sjongkoar	A.J. Smeding

Fjouwer gedichten dy't op 28 maaie by it Halbertsma-feest yn Grou foardroegen binne.

4-161 (3 augustus) 3	Mei forstân troch 't Libben	An.
----------------------	------------------------------------	-----

Wize: 'Gott erhalte Franz den Kaiser'. Foarm: 4 strofen fan 8 rigels, rymskema ABABCD CD. Tema: net kleie, de skouders derûnder. Ferteller: anonime ferteller. Dekor: ûnbepaald.

4-162 (10 augustus)2	Us Pieter	An. [K. Sijsma?]
----------------------	------------------	------------------

Tekene: Wettergea yn Peazumerlân. Spotfers, wierskynlik oer dûmny P.J. Datema fan Ie. Skriuwer is dan mooglik K. Sijsma. Foarm: 6 strofen fan 8 rigels, rymskema ABABCC DD. Tema: it gedrach fan dûmnys. Ferteller: anonime ferteller. Dekor: pastory, doarp.

4-164 (24 augustus)3	Goê Minske, tink en fiel hwet mear	Verslat [T. Velstra]
----------------------	---	----------------------

De minsken hawwe mear hertstocht noadich. Foarm: 2 strofen, ien fan 4 en ien 22 rigels, rymskema AABB. Tema: mear tinke en fiele, minder libje as in masyntsje. Ferteller: ik. Dekor: ûnbepaald.

It Each kin licht bidrage	An. [J. Sytema]
----------------------------------	-----------------

Politisy binne feroarlik; in foarbyld [út East-Stellingwerf]. Foarm: 2 strofen fan 6 rigels, rymskema ABCDDC en AABCCB. Tema: polityk. Ferteller: anonime ferteller. Dekor: ûnbepaald.

4-167 (14 september)2	't Is allegeare gjin Goud hwet er blinkt	An. [J. Sytema]
-----------------------	---	-----------------

Underskreaun: Haule, Oast-Stellingwerf. In hôf mei alles lof en grien jout dochs gjin frucht. Foarm: 2 strofen fan 6 rigels, rymskema AABCCB. Tema: rike dûmnys. Ferteller: anonime ferteller. Dekor: ûnbepaald.

4-170 (5 oktober) 3	In Praetsje op Rym	Z X. [J. Sytema?]
---------------------	---------------------------	-------------------

Fermelding fan Boer Pibe. Oer de minne tiid en de rol fan de spoarwegen dêrby. Foarm: 20 strofen fan 4 rigels, rymskema ABAB. Tema: der komt krisis oan. Ferteller: ik, in hierboer. Dekor: wrâldpolityk.

4-173 (26 oktober) 2	God zij met ons-politiek	An. [H.G. van der Veen]
----------------------	---------------------------------	-------------------------

Spotfers op Thys [dokter Thijs de Walle] dy't him liberaal foardocht mar ûnder freonen fan 'mynhear' [baron Van Sytzama] o sa klerikaal praat. Foarm: 1 strofe fan 17 rigels, rymskema ABCBDEED. Tema: skynhilligens om eigen gewin. Ferteller: in ik mei krityk. Dekor: ûnbepaald.

4 Mimerderij	J.G.
---------------------	------

Oer de delgong fan in healgelearde man út Terherne, dy't oan 'e drank tenûnder giet en heel Fryslân wit derfan. Foarm: 13 strofen fan 4 rigels, rymskema ABCB. Tema: alkoholisme. Ferteller: anonime ferteller. Dekor: Terherne.

4-177 (23 novimber)2	Oan...	X.
----------------------	---------------	----

Warskôging oan einedieven om dat tenei te litten en as se honger hawwe, kom dan mar by harren thûs. Foarm: 2 strofen, ien fan 10 en ien fan 4 rigels, rymskema AABB. Tema: earmoede, honger. Ferteller: anonime ferteller. Dekor: ûnbepaald.

1880

4-186 (25 jannewaris)3	[Sêge f.d. boarch Nideck [Oers.]	Pion [O. Stellingwerf?]
------------------------	---	-------------------------

Tige frije oersetting fan in gedicht fan de romantyske Dûts-Frânske dichter Adelbert von Chamisso (1781-1838), 'Das Riesen-Spielzeug' (1831), it fers dêr't Van Chamisso ferneamd mei waard. Foarm: 1 strofe fan 48 rigels, rymskema ABCB (or. 11 strofen fan 4 rigels, rymskema AABB). Tema: boeren binne belangryk. Ferteller: anonime ferteller. Dekor: Elzas.

4-189 (15 febrewaris)2	Utgjalp by de dea fen de hear	A.J.S. [A.J. Smeding]
------------------------	--------------------------------------	-----------------------

W. Ekhoff

Fryslân lit in grut ferlies mei de dea fan de histoarikus Eekhoff. Foarm: 3 strofen fan 6 rigels, 1 strofe fan 9, rymskema ABCBDD. Tema: betsutting Eekhoff foar Fryslân. Ferteller: anonime ferteller. Dekor: ûnbepaald.

4-190 (22 febrewaris)2 **12 Febr. 1880, by de dea fen** [W. Eekhoff] J.A.S. [Schoelier]

Idem as boppe. Foarm: anachrosticon, 8 rigels, rymskema AABB. Tema: sjoch boppe. Ferteller: in ‘ik’. Dekor: ûnbepaald.

4-194 (21 maart) 3 **Soks docht in echt fryske famke net** Eelke [P.J. Troelstra]

‘Oan de skrjuwer fen “In Houliksoanfraech”, in toaneelstikje dat to Ljouwert opfierd is de 1^e Maert 1880’ [toanielstik fan S.H. Hylkema]. Tema: Fryske seden. Foarm: 3 strofen fan 4 rigels, rymskema AABB. Ferteller: in anonime kritikus. Dekor: ûnbepaald. Sjoch ek Breuker, ‘De Fryske literatuer’, yn *De Vrije Fries* 1977.

4-195 (28 maart) 2-3 **Soks docht in echt fryske famke yet. Oan Eelke** Japik [S.H. Hylkema]

Antwurd fan S.H. Hylkema op boppesteand fers. Tema: Fryske seden, ûntrou Piter Jelles? Foarm: 3 strofen fan 4 rigels, rymskema AABB. Ferteller: anonime ferteller. Dekor: ûnbepaald.

4-196 (4 april) 3 **In goede rie** Jan fen ‘it Hiemke’

Bidde by de oerheid hat gjin nut. Foarm: 1 strofe fan 16 rigels, rymskema AABB. Tema: offisjeel gebed by oerheid. Ferteller: in anonime kritikus. Dekor: ûnbepaald.

4-197 (11 april)2-3 **Utgjalp fen in âld Roek, oer ’t útroegjen
fen it slot en bosk Tjessens, to Holwerd** J. [te W.]

Protestfers tsjin it ôfbrekken fan it slot en it ferrinnewearjen fan de bosk. Foarm: 9 strofen fan 6 rigels, rymskema AABCCB. Tema: soarch foar lânskip en skiednis. Ferteller: in ‘ik’ dy’t in roek is. Dekor: Waaksens.

4-198 (18 april)3 **Men kin de fûgel oan syn fear** Doede [T. Velstra]

Minsken dogge har oars foar as dat se binne. Foarm: 25 strofen fan 4 rigels, rymskema AABB. Tema: Friezen binne sljucht en rjucht. Ferteller: in ‘ik’. Dekor: ûnbepaald.

4-199 (25 april)2 **Op de hannen drage** V.

Kroechpraat fan heiten oer harren soannen. Foarm: 1 strofen fan mear as tritich rigels, ûnregelmjittich rym. Tema: wit net. Ferteller: in ‘ik’ dy’t in petear beharket. Dekor: kroech.

4-202 (16 maaie)2 **In Wird for âld Fryslân** Ids [G. Postma]

Nim in foarbyld aan de âlde Fryske helden: wiene wy mar sa! Foarm: 11 strofen fan 4 rigels, rymskema ABAB. Tema: Soarch foar Fryske sprake en skiednis. Ferteller: in ‘ik’ dy’t Fryslân leavet. Dekor: skiednis.

4 **Oan de Hear J. Kutsch Lojenga** In stimme út Marssum

Ofskiedsgroet aan de doarpsdûmny dy’t tige befoel. Kin fan T. Velstra wêze. Foarm: 8 strofen fan 6 rigels, rymskema AABCCB. Tema: graach frijsinnige dûmnys. Ferteller: in ‘wy’ dy’t eins in ik is. Dekor: Marsum.

4-203 (23 maaie)2 **Oan in jongfaem by hjar boask yn Maeije 1880** Pieter Jelles

Yn *Fryske brulloftsfersen* en *Samle fersen* as ‘Oan de breid’; gedicht foar de ferloving/it houlik fan Gertsje de Jong, dochter fan PJ syn skoalmaster yn Stiens Heert de Jong. Foarm: 7 strofen fan 8 rigels, rymskema ABCBDEFE. Tema: lokwinsk foar it houlik. Ferteller: in ‘ik’. Dekor: ûnbepaald.

4-204 (30 maaie)3 **By in fryske komeedsje** Sibbel fen de Ryp

Reaksje op it eardere ‘Soks docht in echt Fryske famke net’ fan PJ. Foarm: 1 fjouwerrigel, rymskema AABB. Tema: seden fan jongelju. Ferteller: in ‘ik’ (faam) dy’t leaver meidocht as it frijen oan te sjen. Dekor: ûnbepaald.

4-205 (6 juny)4 **In echtfryske famke. Oan Sibbel fan de Ryp** Sibbel, de Slotboers

dochter. Reaksje op boppesteand gedicht. Sjoch ek brief ‘Oan Sibbel’ yn *FV* 4-206, s. 4. Foarm: 3 strofen fan 4 rigels, rymskema ABAB. Tema: seden fan Fryske jongelju. Ferteller: in ‘ik’. Dekor: ûnbepaald.

4-206 (13 juny)4 **Stikel** An. [P.J. Troelstra?]

‘By in wite stropdas’. Spotfers op in rjuchtsinnich dûmny: ‘skop him by de preekstoel del!’ Foarm: 1 strofe fan 8 rigels, rymskema AABB. Tema: dûmnys. Ferteller: anonime ferteller/kritikus. Dekor: yn tsjerke.

4-208 (27 juny)4 **Duel**

An. [P.J. Troelstra?]

Yn de rige ‘Stikels’. Oer Frânske en Fryske duëllen. Foarm: 1 strofe fan 12 rigels, rymskema ABCBDD. Tema: Fryske seden. Ferteller: anonime ferteller jout kommentaar op wat in ‘Jan’ tsjin him seit. Dekor: merke.

4 **Liberael**

An. [P.J. Troelstra?]

Yn de rige ‘Stikels’. Oer stimmekerij fan liberalen en finen. Foarm: 1 strofe fan 10 rigels, rymskema ûnregelmjittich, mei binnenrym. Tema: aktuele politike praktyk. Ferteller: anonime ferteller. Dekor: ûnbepaald.

4 **Foar en efter de Skermen**

An. [P.J. Troelstra?]

Yn de rige ‘Stikels’. Oer it ferskil tusken in aktrise foar en achter de skermen. Foarm: 1 strofe fan 4 en 1 fan 8 rigels. Tema: skyn en echt by froulju. Ferteller: in ‘ik’ dy’t observearret. Dekor: toaniel, achter de skermen.

5-209 (7 july) 4 **Forklearring fen de Telegraef**

An. [WD]

Opnaam yn *De Fryske Hûsfreon* 1903. Sa’t de titel seit. Humor: de telegraaf wurket as in kat dy’t je yn ‘e sturt knipe, dat mekkert er oan ‘e kop. Foarm: 3 strofen fan 4 rigels, rymskema ABCB. Tema: moderniteit. Ferteller: in ‘ik’. Dekor: ûnbepaald.

5-210 (11 july)3 **Myn Broerke**

Pieter Jelles

Bernesankje. Wize: ‘Der wirthin Töchterlein’. Treurlietsje by de dea fan syn broerke. Foarm: 6 twarigels, rymskema AABB. Tema: de dea, ferlies. Ferteller: in treurjende ‘ik’. Dekor: ûnbepaald doarp.

5-212 (25 july)3 **Jan en Foekje**

Pieter Jelles

In Bernesankje. Oer de ferealens fan twa bern. Foarm: 5 strofen fan 6 rigels, rymskema ABCBCB. Tema: de leafde. Ferteller: anonime ferteller. Dekor: doarp.

4 **Pieter mei syn pypke**

In omke fen Pieter

Pypkesmoke is net goed foar in minske. Humor. Foarm: 1 strofe fan 12 rigels, rymskema AABBCBBBDDE. Tema: smoke. Ferteller: in ‘ik’ dy’t warskôget. Dekor: ûnbepaald.

4 **De sjongende Bankrottier**

J.S. [J. Sytema] te H.

Wize: ‘Wat vraag ik toch naar geld en goed’. Spotfers op wetten dy’t it oplichters maklik meitsje. Foarm: 3 strofen fan 6 rigels, rymskema ABABCC. Ferteller: in ‘ik’. Dekor: ûnbepaald.

5-213 (1 augustus)3 **De Aldfeint** [Oers.]

WD

Frij nei ‘t Platdútsk. In âldfeint wurdt frege wêrom’t er gjin vrou hat; hy is teloarsteld yn de leafde. Foarm: 8 strofen fan 8 rigels, rymskema ABABCCDD. Tema: de leafde. Ferteller: twa kear in ‘ik’. Dekor: ûnbepaald.

5-214 (8 augustus)3 **De Aldfaem** [Oers.]

WD

Frij nei ‘t Platdútsk. Aldfaam doch har beklach dat se noait trouw is. Foarm: 8 strofen fan 8 rigels, rymskema ABABCD. Tema: de leafde. Ferteller: in ‘ik’. Dekor: ûnbepaald.

5-216 (22 augustus)3 **Fryslân boppe!**

Pieter Jelles

Wize: Eastenryks folksliet. Lofliet op en betsjûgjen fan trou oan it Fryske heitelân en de Fryske seden. Foarm: 5 strofen fan 8 rigels, rymskema ABCBDFE. Tema: Fryslânleafde. Ferteller: in ‘ik’. Dekor: ûnbepaald.

4 **Lenore**

An. [P.J. Troelstra?]

Yn de rige ‘Stikels’. Ferwiist nei ‘blz. 124 fen de “Moaije Blommen”. Lenore yn Fryske klean, dat stiet net. [PJ hie al earder poëzij fan Bürger oerset, sjoch bio PJT]. Foarm: 1 fjouwerrigel, rymskema AABB. Tema: Fryske klean stean inkeld Fryske froulju? Ferteller: in ‘ik’. Dekor: ûnbepaald.

4 **Oan in Liberael**

An. [P.J. Troelstra?]

Yn de rige ‘Stikels’. Spotfers op konservative liberalen dy’t bang binne foar algemien kiesrjocht. Foarm: 1 strofe fan 8 rigels en in twarigel, rymskema ABABABAB, AB. Tema: aktuele polityk. Ferteller: anonime sprekker. Dekor: ûnbepaald.

4 Elk op syn menear

An. [WD?]

Petearke tusken in opdofte boeresoan en in kwânselman yn 'e trein. Humor, beide stjonke. Foarm: 1 strofe fan 12 rigels, rymskema AABB. Tema: stânsferskillen. Ferteller: anonime ferteller. Dekor: treinwagon.

5-218 (5 septimber) 4 Us âlde bles

Pieter Jelles

Bernesankje. Wize: 'Brüder Straubinger'. Boer behannelet syn âld trou hynder goed. Foarm: 3 strofen fan 8 rigels, rymskema ABABCD. Tema: goed wêze foar bisten. Ferteller: in 'ik'; de soan fan de boer. Dekor: pleats.

5-219 (12 septimber) 4 Abbekategebet

An. [WD?]

Spotfers op abbekaten. Foarm: 1 strofe fan 4 rigels, rymskema AABB. Tema: abbekaten as profiteurs. Ferteller: in 'ik'. Dekor: ûnbepaald.

5-220 (19 septimber) 2 Bernelibben

Pieter Jelles

Wize: 'Yn it lytse doarp Terkaple'. Oer de âlderlike soarch foar har lytse bern. Foarm: 6 strofen fan 4 rigels, rymskema ABCB. Tema: âlderleafde. Ferteller: anonime ferteller. Dekor: ûnbepaald.

5-233 (19 desimber) 3 Scil Fryslân Fryslân bliuwe?

Pieter Jelles

Oprop om de Fryske seden yn eare te hâlden. Foarm: 10 strofen fan 6 rigels, rymskema ABABCC. Tema: Fryske taal en seden. Ferteller: in 'ik'. Dekor: ûnbepaald.

5-234 (26 desimber) 3 Oan de Fryske Keamer 'Gysbert Japiks' J. Jouwersma

Under de kinspreuk "Rjucht en Sljucht". Lofliet op de nije toanielkeamer dy't de Fryske seden en taal heech hâlde sil. Foarm: 6 strofen fan 6 rigels, rymskema ABABCC. Tema: Fryske taal en seden. Ferteller: anonime ferteller. Dekor: ûnbepaald.

1881**5-236 (9 jannewaris) 3 Oan Thalia fen Grou by de opfiering fen****'Dokter Klaus' te Hearrenfean** L. t. C. [te B.]

Lofliet op de keamer Thalia dy't [ek] tige sljucht en rjucht en Frysk is. Foarm: 5 strofen fan 8 rigels, rymskema ABABCD. Tema: Fryske taal en seden. Ferteller: in 'ik'. Dekor: ûnbepaald.

5-237 (16 jannewaris) 3 Klachte fen de Baerder preekstoel W.A. Pz.

Dûmny liket de preekstoel te heech, it wurdt in hinnehok. Foarm: 15 strofen fan 4 rigels, rymskema ABAB. Tema: wat heech stiet, komt te fallen. Ferteller: in 'ik': de preekstoel. Dekor: tsjerke Baard.

5-238 (23 jannewaris) 4 De njuggentsiende fen Foarmoanne 1881 S. to M. [Schoel.?]

Oprop om earme minsken te helpen dy't lêst ha fan 'e kjeld. Foarm: 8 strofen fan 6 rigels, rymskema ABABCC. Tema: earmesoarch. Ferteller: in 'ik'. Dekor: winter.

4 Reedriden P.

Bernesankje. Wize: 'Antsje, kom ris efkes oer'. Warskôging oan bern om op wekken acht te slaan by it ride. Foarm: ABABCCDD. Tema: iiswille. Ferteller: jonkje, heit, beide in 'ik'. Dekor: doarp.

5-239 (30 jannewaris) 3-4 It Middenpunt fen 'e Wrâld H. de Jong [Hallum]

De wrâld draait om 't jild, dat hat minne en goede kanten. Skriuwer: Hendrik de Jong, goud- en sulversmid te Hallum, Foarm: 21 strofen fan 8 rigels, rymskema ABCBDFE. Tema: jild. Ferteller: in 'ik'. Dekor: ûnbepaald.

4 Oan Thys en Tryntsje v.d. Berg P.J. Troelstra
do't hja to Ljouwert de PRIIS woun hiene,
26 Jan. 1881

Lofliet op de tige Fryske winners. Foarm: 7 strofen fan 6 rigels, rymskema ABCBDD. Tema: Fryske seden en tige eigenskippen. Ferteller: in 'ik'. Dekor: iisbaan.

5-240 (6 febrewaris) 4 Oan myn stalke P.J. Troelstra T.G. van der Meulen
op syn earerym [ensafh.]

Humor: men komt blykber ek troch prestaasjes op redens yn 'e himel! Foarm: 1 strofe fan 8 rigels, rymskema ABCB. Tema: humor. Ferteller: anonym ferteller. Dekor: ûnbepaald.

- | | | |
|-------------------------|--|--------------------------|
| 5-243 (27 febrewaris) 3 | In preek fen in leek | S. te M. [Schoelier?] |
| | In min minske is it dy't genôch hat mar neat oan de earmen jout. Foarm: 6 strofen fan 8 rigels, rymskema AABB. Tema: earmesoarch. Ferteller: anonym ferteller. Dekor: ûnbepaald. | |
| 3-4 | Foar hûndert jier en nou | S. te M. [Schoelier?] |
| | Protest tsjin de koloniale polityk fan Ingelân tsjin de Boeren yn S.-Afrika. Earst mislearre dat al yn Amearika. Foarm: 10 strofen fan 6 rigels, rymskema ABABCC. Tema: imperialisme. Ferteller: in 'ik'. Dekor: ûnbepaald. | |
| 5-245 (13 maart) 4 | In misrekkening op Spitskop | S. te M. [Schoelier?] |
| | Idem as boppe. Foarm: 18 strofen fan 6 rigels, rymskema ABABCC. Tema: imperialisme. Ferteller: anonime ferteller. Dekor: ûnbepaald. | |
| 5-247 (27 maart) 2 | In stikje Winterjoune-Nocht fen 1861,
dat yet net efter de tiid is | An. [WD] |
| | Fromme minsken hearre te jaan oan de earmen sùnder har dêr op foarsteane te litten. Foarm: 1 lange en 1 koarte strofe, rymskema ABBA, 2 ^e strofe ABABCC. Tema: earmesoarch. Ferteller: in 'ik'. Dekor: ûnbepaald. | |
| 5-248 (3 april) 4 | Blide Forsuchtinge | J.K. |
| | Bliid dat it tsjerkeskeel te Easterein oan 'e ein komd is. Foarm: 6 strofen fan ûngelikense lingte, rymskema AABCCB. Tema: tsjerkeskeel. Ferteller: in 'ik'. Dekor: Easterein. | |
| 5-250 (17 april) 3 | Eare hwa eare takomt | S. te M. [Schoelier?] |
| | It binne bêste Boeren dy't har fersetts tsjin de Ingelsken. Foarm: 6 strofen fan 10 rigels, rymskema ABABCCDEED. Ferteller: anonime ferteller. Dekor: ûnbepaald. | |
| 5-255 (22 maaie) 4 | Foar 't finster | O. Sytstra |
| | Mimerjen oer de feart foar 't rût en de libbenstream fan de minsken. Foarm: 11 strofen fan 4 rigels, rymskema ABCB. Tema: it ûnwis libbensgelok. Ferteller: in 'ik'. Dekor: bûten. | |
| 5-258 (12 juny) 3 | Friezen! | S. te M. [Schoelier?] |
| | Let op Friezen, dat jim neitinke by it stimmen. Foarm: 6 strofen fan 10 rigels, rymskema ABABCCDEED. Tema: stimmerij, aktuele polityk. Ferteller: in 'ik'. Dekor: ûnbepaald. | |
| 4 | 'Wreed wier him de wrâld west' | O. Sytstra |
| | Natuer, bring my no einlings sinneskyn. Foarm: 3 strofen fan ûngelikense lingte, ûnregelmjittich rym. Tema: yndividueel lok en lijen. Ferteller: in 'ik'. Dekor: it waar. | |
| 6-261 (3 july) 3 | Klachten fen in Mem yn 'e Lege Wâlden | An. |
| | In mem kleit dat der yn it doarp gjin mooglikheid is foar de bern om nei skoalle ta. Foarm: 19 strofen fan 6 rigels, rymskema AABCCB. Tema: ûnderwiis. Ferteller: in 'ik' dy't mem is. Dekor in doarp by Boarn. | |
| 4 | Widzesankje | Pieter Jelles |
| | Wize: 'Sua sua deine'. Sankje foar Nynke. Foarm: AABB. Tema: berntsjes. Ferteller: anonime ferteller. Dekor: bernekeamer. | |
| 6-262 (10 july) 3 | Rûpellied | Master Jouke Jr. [T.E.H] |
| | Wize: 'de Lorelei'. Arbeidersliet foar by it rûpeljen, as reaksje op krityk op it toanielstik <i>It gouden kroantsje</i> fan V. dat arbeiders net sjonge op de rûpelbank. Ynliedend briefke aan Pion (Stellingwerf). Skriuwer is T.E. Halbertsma. Foarm: 5 strofen fan 8 rigels, rymskema ABCB. Tema: nocth oan wurkjen. Ferteller: anonime ferteller. Dekor: ûnbepaald. | |
| 6-264 (24 july) 4 | Oan Pion | Poni [P.J. Troelstra?] |
| | Skriuwer wachtet op priizgjende wurden fan Pion oer It gouden kroantsje. Foarm: 3 strofen fan 6 rigels, rymskema AABCCB. Tema: toaniel. Ferteller: anonime ferteller. Dekor: ûnbepaald. | |
| 6-266 (7 augustus) 4 | "t Wier Tongersdei in blide dei" | De Lekkumer skoallebern |
| | Ynstjoerd. Bern ha in reiske mei de steamboat makke nei Harns en Frjentsjer. Skriuwer faaks master Klaas Vis? Foarm: 6 strofen fan 4 rigels, rymskema ABCB. Tema: fermeits skoalbern. Ferteller: de skoalbern. Dekor: Harns en Frjentsjer. | |
| 4 | Nei de stimmery yn Dantumadeel | H.G. van der Veen |

Rjochte tsjin dokter Thys [earder al neamd] oer it driuwen fan ‘Bomba’ (Sytzama). Foarm: 1 strofe fan 6, 1 fan 2 rigels, rymskema AABB. Tema: anti-feodalisme, aktuele polityk. Ferteller: anonime ferteller. Dekor: ûnbepaald.

6-268 (21 augustus)4 **In Riedling**

Onno [O. Sytstra]

Hoe’t Wodan de minske makke. Foarm: 6 strofen fan 6 rigels, rymskema ABABCC. Tema: riedsel fan libben en dea. Ferteller: anonime ferteller. Dekor: ûnbepaald.

6-270 (4 septimber)3 **Warskouwing for elk dy ’t oangiet** M.

Ferdraachsum man warskôget tsjin fine dûmnys dy’t falsk ferdieldheid siedzje yn húshâldingen. [Stellingwerf seit, hy wol der yn it kommend nûmer op reagearje]. Foarm: 15 strofen fan 6 rigels, rymskema AABCCB. Tema: dûmnys. Ferteller: in ‘ik’. Dekor: ûnbepaald.

6-271 (11 septimber)3 **De stjer der hope**

T.W. [T.W. Sytstra]

Bemoediging: der is in stjer dêr’t it swurk noait foar driuwt. Foarm: 7 strofen fan 4 rigels, rymskema ABAB. Tema: leauwe. Ferteller: in ‘ik’. Dekor: ûnbepaald.

6-272 (18 septimber)4 **Sneintomoarn**

Pieter Jelles

Oer Wyts, de moaie boarefaam. Foarm: 5 strofen fan 4 rigels, rymskema ABCB. Tema: skjintme fan de faam. Ferteller: anonime ferteller. Dekor: stalt by in pleats.

6-279 (6 novimber)2 **De Friezen aan Mr. S. Katz**

WD

Earefers foar mr. Katz. Foarm: 1 strofe fan 6 rigels. Tema: hy dy’t it rjucht ferdigenet komt eare ta. Ferteller: anonime ferteller. Dekor: ûnbepaald.

2 „

O. Stellingwerf

Earefers foar mr. Katz. Foarm: 1 strofe fan 6 rigels. Tema: lyk rjocht foar hear en feint. Ferteller: anonime ferteller. Dekor: ûnbepaald.

6-283 (4 desimber)4 **Oan dr. S.R.D. van Wageningen**

S. [O. Stellingwerf]

Earefers foar de dokter dy’t syn sulveren jubileum hat. Foarm: 3 strofen fan 6 rigels, rymskema ABCBDD. Tema: jubileum. Ferteller: anonime ferteller. Dekor: ûnbepaald.

6-285 (18 desimber)4 **In goede Warskouwing**

An. [WD]

Humor: warskôging om net nei Amearika te emigrearjen, want dêr moatte je sa lang wachtsje op iten (oare tiid). Foarm: 1 strofe fan 36 rigels, rymskema ABAB. Tema: emigraasje. Ferteller: anonime ferteller. Dekor: ûnbepaald.

1882

6-287 (1 jannewaris)1 **Lok, frede en sein!**

Pieter Jelles

Nijjiersfers. Foarm: 11 strofen fan 6 rigels, rymskema ABABCC. Tema: as yn de titel. Ferteller: anonime ferteller. Dekor: ûnbepaald.

3

In wird op Nijier

K. Sijtsma

Nijjiersfers. Foarm: 9 strofen fan 5 rigels, rymskema ABCCB. Tema: as yn de titel. Ferteller: anonime ferteller. Dekor: ûnbepaald.

6-288 (8 jannewaris)4 **‘Oer Jezus prate, as Judas handlje!’**

H.G. van der Veen

Tsjin skynhillichheid fan skynfrommen. Foarm: 1 strofe fan 6 rigels, rymskema ABABCC. Tema: leauwe. Ferteller: anonime ferteller. Dekor: ûnbepaald.

6-289 (15 jannewaris)4 **Rie**

An.

Net skikke nei elkenien, mar eigen hert folgje. Foarm: 3 strofen fan 5 rigels, rymskema ABCCB. Tema: sels neitinke. Ferteller: anonime ferteller. Dekor: ûnbepaald.

4

Oan A.

An.

In aap is in aap, ek as er him wiis foardocht. Foarm: 1 strofe fan 6 rigels, rymskema ABABCC. Tema: sljucht en rjucht. Ferteller: in ‘ik’. Dekor: ûnbepaald.

6-290 (22 jannewaris)3-4 **Doch snapt**

D. [WD]

Anekdoate oer de Tsjommer toer. Foarm: 16 strofen fan 6 rigels, rymskema AABCCB. Tema: toer hâldt it langer út as minsken. Ferteller: in ‘ik’. Dekor: Tsjom.

Terugslag op een ‘Parlementair Kniedicht’ D. [WD] [Nl.talich]

6-293 (12 febrewaris)4 **De lytse en de greate houn** [Oers.] An. [WD?]

De riken moatte de earmen wat gunne. Foarm: 5 strofen; 4 fan 4 rigels, 1 fan 2 rigels, rymskema ABCB. Tema: earmesoarch. Ferteller: in 'ik'. Dekor: ûnbepaald.

**6-295 (26 februaris) 3 Oan myn soan Willem, do er nei T.G. van der Meulen
Amerika teach**

Ofskiedsfers foar syn soan. Foarm: 6 strofen fan 10 rigels, rymskema ABAB CDCDEE.
Tema: heite ofskied fan in soan. Ferteller: in 'ik'. Dekor: unbepaald.

6-296 (5 maart)4 **‘De ljedder fen de maetskippy’** An. [WD?]
Gewoan folk stiicht net gau op ‘e ljedder. Foarm: 8 strofen fan 4 rigels, rymskema ABAB.
Tema: sosjaal ûnrjocht, demokratisearring. Ferteller: anonime ferteller. Dekor: ûnbepaald.

6-298 (19 maart) 3 **Skutterssankje** An. [J.S. van der Steegh]

Ut: toanielstik *De keningin fan 't jier*. Wize: De hofpolka. Spotfers op de amateuristyske skutterij. Foarm: 13 strofen fan 4 rigels; rymskema AABB. Tema: tsjinstplicht. Ferteller: anonyme ferteller. Dekor: ûnbepaald.

6-300 (2 april)3 Lintelietje K.T.N.

Wize: 'De winter komt zijn afscheid brengen'. Foarm: 6 strofen fan 9 rigels, rymskema ABABCCD. Tema: de leafde. Ferteller: anonime ferteller. Dekor: ûnbepaald.

6-301 (9 april)4 In sankje by de widze J.J.

Wize: 'As de foarjiersblomkes bloeije'. Libbensrin fan de minsken giet as de tiden fan it jier.
Foarm: 5 strofen fan 7 rigels, rymskema ABABCCC. Tema: sirkelgong fan it libben. Ferteller:
anonime ferteller. Dekor: ûnbepaald.

6-302 (16 april)4 “Ik gean failliet”, sei keapman Swart’ C.

Oer it fallyt gean fan keaplju. Foarm: 6 strofen fan 4 rigels, rymskema ABCB. Tema: hannelje út eigen belang. Ferteller: in ‘ik’, de keapman. Dekor: ûnbepaald.

6-303 (23 april)4 De Lânforhuzer Pieter Jelles

Farwol fan in lânferhuizer oan syn lân. [Ferlykje 'Ofskied']. Foarm: 9 strofen fan 7 rigels, rymskema ABBACDC. Tema: emigraasje, heitelânsleafde. Ferteller: in 'ik'. Dekor: ûnbepaald.

6-304 (30 april)4 Hwet woe dy Faem? An. [WD?]

Man hat net yn 'e gaten dat frou him aardich fynt. Foarm: AABB. Tema: de leafde. Ferteller: in 'ik'. Dekor: tún yn Oranjewâld.

4 Arts mean as Doctor A.P.

Eigenwize dokter Thys neamt himsels arts. Foarm: 2 strofen fan 3 rigels, rymskema AABCCB. Tema: tsjin opskeppers. Ferteller: in ‘ik’. Dekor: ûnbepaald.

'In stikje for de skoalle mei de bibel.' Nei it Platdútsk. Humor. Foarm: 7 strofen fan 4 rigels, rymskema AABB. Tema: bleate minsken. Ferteller: anonime ferteller. Dekor: ûnbepaald.

6-306 (14 maaie)4 It Ijurkje [Oers.] W.D.

Nei it Aldhollânsk. Ljurkje yn in koai wol graach frijlitten wurde. Foarm: 6 strofen fan 8 rigels, rymskema ABABCD CD. Tema: vrijheid. Ferteller: in ‘ik’, it ljurkje. Dekor: ûnbepaald.

6-307 (21 maaie)4 Fij fen Rabjen D. [WD]

Froulju rabje oer in frou dy't pronket mei nije klean. Foarm: 9 strofen fan 4 rigels, rymskema ABAB. Tema: rabbberij, pronksucht. Ferteller: in 'ik'. Dekor: ûnbepaald.

4 Om 'e dûbeltsjes H.G. van der Veen

Spotfers op de wierheidsfreonen. Foarm: 1 strofe fan 6 rigels, rymskema ABABCC. Tema: leauwe. Ferteller: anonyme ferteller. Dekor: ûnbepaald.

6-310 (11 juny)3 De Prijsfraech Pieter Jelles

Showpiece fan immen dy't alles kin mei de pinne. Humor. Foarm: 7 strofen fan 7 rigels, rymskema ABABCCB. Tema: dichtsjen. Ferteller: in 'ik'. Dekor: ûnbepaald.

4 Waer nei 't Jild D. [WD]

Ald faam nimt genoegen mei in âld fint. Humor. Foarm: 14 strofen fan 4 rigels, rymskema ABAB. Tema: soad lju trouwe om 't jild. Ferteller: in 'ik'. Dekor: ûnbepaald.

7-316 (23 july)3 De Terhernster Melkers Pieter Jelles

Priisliet foar de Ternhernster melkers. Foarm: 20 strofen fan 4 rigels, rymskema ABCB.
Tema: folkslibben. Ferteller: in ‘ik’. Dekor: ûnbepaald.

7-317 (30 july)3 **Hjir sit min mei oan** An. [J. Sytema]

Jong frommes trout mei man tige op jierren. Foarm: 1 strofe fan 6 rigels, rymskema ABAB.
Tema: de leafde. Ferteller: anime ferteller. Dekor: ûnbepaald.

4 **Edda-runen** Pieter Jelles

Twa koartdichten. Humor.

7-318 (6 augustus) „

Koartdicht. Humor. Leafde.

7-319 (13 augustus) „

Twa koartdichten. Libbenswiisheden.

7-321 (27 augustus)3 **Oan myn Frjeun H. de Jong (..)** Jentsje Sytema

Fers foar it sulveren jubileum fan syn skoalmaster. Foarm: 8 strofen fan 8 rigels, rymskema ABABCD. Tema: in flinke master is in segen foar de bern. Ferteller: in ‘ik’. Dekor: ûnbepaald.

4 **Oan Hessel Brolsma (..)** Pieter Jelles

Earbetoan oan Hessel Brolsma dy’t 45 jier lang mei de karre hinne en wer rûn hie tusken Stiens en Ljouwert. Foarm: 9 strofen fan 4 rigels, rymskema ABCB. Tema: it wurk fan arbeidersman. Ferteller: in ‘ik’. Dekor: ûnbepaald.

7-322 (3 september)4 **Edda-Runen** Pieter Jelles

Koartdicht. Libbenswiisheid.

7-323 (10 september)3 **To folle ferge!** D. [WD]

Leffert sjocht by de liuwetemmers dat syn wiif Tet wol temd wurde kin. Mar de temmer begjint der net oan. Humor. Foarm: 11 strofen fan 6 rigels, rymskema AABCCB. Tema: it houlik. Ferteller: anime ferteller. Dekor: merke.

3 **Myn lytse freon** [Oers.] D. [W. Dykstra]

Nei it Platdútsk. Wiis mei de lytse kou yn ‘e koai. Foarm: 5 strofen fan 4 rigels, rymskema ABAB, alles manlik rym. Tema: bliid mei in bist. Ferteller: in ‘ik’. Dekor: ûnbepaald.

4 **Myn forstoarne skearbaes** An. [T.G. van der M.]

Earder yn *Weekblad voor het kanton Bergum* (24 juny 1882). Lofliet op de skearbaas. Foarm: 1 strofe fan 24 rigels, gjin rym (hieltyd werhelling ‘er’). Tema: lofliet op de skearbaas. Ferteller: in ‘ik’. Dekor: ûnbepaald.

7-325 (24 september)3 **Ho moat it?** Onno [O. Sytstra]

It libben is lang of koart, mar men moat wat dwaan en besluten nimme. Foarm: 6 strofen fan 6 rigels en 1 fan 2 rigels, rymskema ABABCC. Tema: elk jout ried, mar sels moatst it witte. Ferteller: in ‘ik’, dy’t freget hoe’t it moat. Dekor: ûnbepaald.

7-328 (15 oktober)4 **Nei de letter** An. [WD]

Ek opnaam yn *For hûs en hiem* (1891). Oer in doktersadvys. Humor. Foarm: 5 strofen fan 4 rigels, rymskema AABB. Tema: dokters en domme pasjinten. Ferteller: anime ferteller. Dekor: ûnbepaald.

7-329 (22 oktober)4 **Mei dat sa langer bliuwe?** J.G. [Terherne]

Oer de konkurrinsje tusken Aldeboarn en Akkrum om it gemeentehûs. Foarm: AABCCB. Tema: aktuele polityk. Ferteller: in ‘ik’. Dekor: ûnbepaald.

7-330 (29 oktober)3 **Myn tinken by ’t sjen fen de Komeet** H.

Mimerij oer de komeet en syn fan hegerhân fêstleiné baan. Foarm: 9 strofen fan 4 rigels, rymskema ABCB. Tema: it heelal. Ferteller: in ‘ik’. Dekor: ûnbepaald.

7-331 (5 novimber)4 **Ik siz neat** Onno [O. Sytstra]

In soad liket earst moai, mar falt ôf by better sjen. Foarm: 8 strofen fan 8 rigels, hieltyd mei refrein 4 rigels, rymskema ABAB. Tema: skyn bedriget. Ferteller: in ‘ik’. Dekor: ûnbepaald.

7-332 (12 novimber)3 **Klachte fen in trouw Man** A. [te D.]

Wize: ‘Wat wordt het laat, de klok slaat acht’. Trouwe inkeld om jild is oaljedom. Skriuwer: Gauke Cornelis Andriesse? [Hie yn *De Frysk Hûsfreón* 1856 in proazastik mei deselde titel].

Foarm: 6 strofen fan 8 rigels, rymskema ABABCCBC. Tema: it houlik. Ferteller: in 'ik'. Dekor: ûnbepaald.

3 In name [Oers.] IJ.

Nei it Ingelsk. Nammen op it strân en it rût skreaun ferdwine, mar dy yn it herte net. Foarm: 3 strofen fan ûngelikense lingte, rymskema AABB. Tema: wit net. Ferteller: in ‘ik’. Dekor: unbepaald.

7-333 (19 novimber)3 **Oan de winter** H.B. [te A.]

Bea oan de winter om de riken te bewegen de earmen te helpen. Foarm: 5 strofen fan 8 rigels, rymskema ABABCD CD. Tema: earmesoarch. Ferteller: in anonime ferteller. Dekor: ûnbepaald.

7-334 (26 novimber)4 **Underskied** J.J.

It lot treft elk wer oars, fertrou mar op God. Foarm: 5 strofen fan 4 rigels, rymskema ABCB.
Tema: it leauwe. Ferteller: in ‘ik’. Dekor: ûnbepaald.

Adf. yn undertrou opnomd Stellingwherf en Jentink.

7-336 (10 desimber) Priuwkes út 'It jonge Fryslân'

7-337 (17 desimber)4 Hwet er tocht

Man dy't út it wetter rēden wurdت, tocht net oan syn frōu mar oan hoe't

Humor. Foarm: 3 strofen fan 5 rigels, rymskema ABCAB. Tema: it houlik. Ferteller: anonime ferteller. Dekor: ûnbepaald.
7.228 (24 desimber) 4 Luk om luk Tabo Wiger

7-550 (24 desember) 4 Lyk om lyk Tabo Wigel Katachisatie val net goed. Human Fear: G strofan fan 4 rigels, wumal

Katechisatie woi niet goed. Humor. Foarm: 6 strofen van 4 regels, rymskema ABAB. Thema: leare. Ferteller: anonyme ferteller. Dekor: unbepaald.

7-339 (31 desember) 4 Yn de wyn Tabo Wiger
Kandilat totale in H. E. 10 tot 6.64 mil.

Kroechklant moetet plysje. Humor. Foarm: 10 strofen fan 4 rigels, rymskema ABAB. Tema: alkoholisme. Ferteller: anonime ferteller. Dekor: ûnbepaald.

4 Oan 't alde jier M.B. [M.H. Bakker]
Wij mocht en mocht niet. Tijdschrift voor Nederlandse taal- en letterkunde

Goed foarnimmen om syn libben te betterjen. Foarm: 2 strofen, 1 fan 16 en 1 fan 4 rigels, rymskema ABCB. Ferteller: in ‘ik’. Dekor: unbepaald.